

Preek oer Joh.12,21b (Driezum-Wâlterswâld, 16 juny 2013)

Liet 223:1,2,6,7

Ps.119:15,16

L Joh.12,20-36a

Ps.6:1,2,3,5

T Joh.12,21b ("Mynhear, wy wolle Jezus graach sjen")

Ps.22:9,10,11

Liet 425 (út it nije Lieteboek, nei kollekte)

Gemeente fan de Heare Jezus,

"Wy wolle Jezus graach sjen". Op it webstee fan in tal evangelyske gemeenten lies ik dat elk minske dêr ferlet fan hat: Jezus sjen. Ik wit net oft dat sa is. Dat der yn it hert fan elk minske in leech plak sit dêr't allinnich Jezus yn past, dat leau ik al. Mar in hiel soad minsken binne har der hielendal net fan bewust dat har hert sa'n leech plak hat. Faaks komt dat dêrfan dat se dat lege plak tichtplamuere ha. Ha se dat net dien, dan ha se dochs in manier fûn om mei dat lege plak om te gean. Men kin ommers ek net alles ha. It is in yllúzje en mien dat yn dit libben alles te plak komt. Oan elk minskelibben sille altiten losse einen sitte. Dat wêrom soenen je Jezus sjen wolle? Soe in moeting mei Him al dyn langstmen wiermeitsje kinne?

It is dus wier wol wat bysûnders as in pear Griken freegje oft se Jezus sjen meie. Se hienen Jezus al wol ris sjoen. Mar dan fan in ôfstân. Se wienen tsjûge west fan Jezus' keninklike yntocht yn Jeruzalim. Wylst Er op in ezel ried, waard Er ynhelle troch in entûsjaste kloft minsken. Se swaaiden mei palmtûken en rôpen: "Hosanna! Heech te priizjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de Heare! De kening fan Israel!" Doe't dy Griken fregen wa't dy man op dy ezel wol wêze mocht, waard har ferteld dat dat Jezus wie, dy't koartlyn noch ien út 'e dea opwekke hie. Fansels waarden dy Griken troch sokke ferhalen nijsgjirrich makke. Mar dat se fuortendaliks oan ien fan Jezus' learlingen fregen oft sy Jezus ek ris fan tichtby sjen mochten, wie dochs wol nuver. Of soe it sa wêze dat se earst yn Jezus' neite fielden dat der in leech plak yn har hert siet?

Sokssawat moat it wol wêze. Do fregest net oftsto Jezus ek wol ris sjen meist, ast net hearst hoe't de namme fan Jezus rûnsjongt en ast net sjochst wat de persoan fan Jezus losmakket. Dy fraach fan dy Griken ropt dêrom by my in oare fraach op. Sjongt de namme fan Jezus noch altiten sa rûn dat bûtenstanders freegje oft se Jezus ek ris moetsje meie? Makket de persoan fan Jezus noch altiten sa'n soad los dat minsken dy't Him noch net kenne har ôffreegje: Haw ik wat mist? Falt yn 'e buorren de namme fan Jezus noch? Fernimme minsken noch oan dy dat it kennen fan Jezus dyn libben feroare hat?

De tsjerke is net allinnich de krite dêr't antwurden te finen binne. De tsjerke is ek de krite dy't fragen opropt. Bisto noch immen by wa't Jezus safolle losmakke hat, dat oaren dy freegje oft se Jezus ek ris moetsje meie?

It bemoedigjende fan dit stik út 'e Bibel is fuortendaliks dat de krite fan Jezus' folgers net bestiet út fan dy ynteressante minsken. Yn alle gefallen wie it net sa dat minsken út 'e tredde wrâld har yn Jeruzalim fergappen oan 'e wûnders fan 'e earste wrâld. It wie krekt oarsom. Griken hienen har nei wenjen setten yn Israel om ek dy úthoeke fan it Romeinske ryk te ferrykjen mei har literatuer, har architektuer, har wittenskip. Wat dat oanbelanget hoegden je har neat wiis te meitsjen. Dat wienen se al.

Dochs is der yn dat benefter bleaune gebied wat by har begûn te jokjen. It gefoel dat Paulus letter sa ferwurdzje soe: "Wat by de wrâld dwaas is, hat God útkard om de wizen te skande te meitsjen" (1Kor.1,27). Dat dwaze Israel hie wat dat it wize Grikelân miste. Mar wat? Wy lêze dat dy Griken ek nei it feest kaam wienen om God te oanbidden. Mar op dat feest sille se har hielendal bûtenstanders field ha. Want yn de timpel yn Jeruzalim mochten se allinnich yn it foarhûf foar de heidens komme. In moeting mei de God fan Israel, dat siet der foar har net yn. Mar in moeting mei syn Soan miskien wol? Foar Griken wie it yn alle gefallen net sa swier as foar Joaden en leau dat God in Soan hat. Want yn de Grykske goadeferhalen tilde it op fan de goadesoannen.

Filippus wie wat oanklaud mei dy fraach fan dy Griken oft se Jezus ek ris sjen mochten. Hy moast it earst ris mei Andréas oerlizze oft dat wol koe. Mar tegearre kamen se der ek net út. Want se brochten net dy Griken, mar allinnich har fraach by Jezus. Soenen je dy twa sleaukerts no net? Binne der minsken dy't Jezus graach kennen leare wolle, witte syn learlingen net oft Hy wol foar har kaam is.

Hoho, net te hurd útein sette. Want doe't in Kanaänityske frou Jezus frege oft Er har dochter better meitsje woe, like Hy der sels ek glêd mei oan te wêzen. Want Hy hie antwurde: "Ik bin inkeld útstjoerd foar de ferlerne skiep fan it folk fan Israel". Doe't se har dêr net by dellei, hied Er sels sein: "It is net goed en nim de bern it brea ôf en smyt it foar de hûntsjes". Earst doe't se reägearre mei: "Sa is it, Hear, mar de hûntsjes ite dochs ek fan 'e krommels dy't by de baas fan 'e tafel ôf rûgelje", bekaam Er wat en joech Er dy frou dochs noch dêr't se om frege hie (Mt.15,21-28). Mar sa'n geunst wie blykber in útsûndering, gjin regel. As Filippus en Andréas wifkje, binne se dus yn it bêste selskip dat je je mar yntinke kinne: dat fan Jezus sels.

Dochs reägearret Jezus hiel oars as Filippus en Andréas op dy fraach fan dy Griken. Want Hy jubelet: "De tiid is kommen, dat de Minskesoan ferhearlike wurde sil". Op it earste gesicht liket der hast gjin ferbân te lizzen tusken de fraach fan dy Griken en it antwurd fan Jezus. Dat komt ek dêrfan

dat Johannes net fertelt oft dy Griken Jezus no wol of net sjoen ha. No liket it krekt as ynspirearret dy fraach fan dy Griken Jezus ta in rede dêr't Er sa yn opgiet, dat Er dy Griken finaal ferjit. Mar sa is it wier net. Want yn de lêste wurden fan syn rede docht bliken dat Hy wis wol antwurd jout. Harkje mar: "As Ik omheechstutsen bin boppe dizze ierde, sil Ik se allegearre nei My talûke". Allegearre. Dus net allinnich Joaden, mar ek Griken. Net allinnich minsken út dat iene folk fan Israel, mar minsken út alle folken fan 'e ierde

Hy hie dêr al op doeld, doe't Er twa haadstikken werom sein hie: "Ik bin de goede Hoeder, Ik ken myn skiep en myn skiep kenne My, lykas de Heit My ken en Ik de Heit ken; en Ik jou myn libben foar de skiep. Ik haw ek noch oare skiep, dy't net yn dizze koai hearre. Dy moat Ik der ek byhelje; se sille nei myn lûd hearre en dan sil it wurde: ien keppel mei ien hoeder" (Joh.10,14-16). It hie doe noch klonken as duorre it noch in hiel skoft foar't dat útkaam. Mar no is it al sa fier. Jezus liket sels ferheard te wêzen as Er seit: "De tiid is kommen". Dy wurden klinke as in jûchhei. No al sil er ferhearlike wurde. No al mei Er in begjin meitsje se allegearre nei Him ta te lûken.

Yn dit op it earste gesicht mar swiere stik út it evangeelje giet it dus om in kearpunt yn 'e skiednis fan it heil. Hjir komme wy yn it eachweid, dy't sawat allegear leauwigen út 'e heidenwrâld binne. As Jezus it útropt: "Ik sil se allegearre nei My talûke", hat Er it dus oer jo en oer dy. En it is as wurdt it Him oermânsk dat de keppel dêr't Er hoeder fan wêze mei sa grut wêze sil. Dy fraach fan dy Griken is foar Him de opmjitte foar in wûnder dat Er suver net befieenje kin.

It is goed om dy toan fan blide fernuvering wol te merkbiten, broers en susters. Harkje ris hoe bliid de Heare Jezus is dat jim ek by Him hearre meie, jonges en famkes. As de fernuvering der foar dysels al wat ôf is datst by de Heare Jezus hearre meist, fernim dan dat Hy sels syn lok net op kin as Hy ek dyn libben feroarje mei. Fergriem dat bysûndere momint yn Jezus' libben net mei opmerkings as: "It is net earlik dat ik wol by Jezus hearre mei, om't ik tafallich berne bin út âlders dy't leauwe, en oaren net". Want hoesa meisto wol by Jezus hearre? Jezus sels fûn dêr neat fanselsprekkends oan. Mar as Jezus bliid fernuvere is datsto ek by Him hearre meist, wês do dan ris bliid fernuvere dat oaren ek by Him hearre meie. Tochtst no wier dat de trochbraak fan syn keningskip, dy't by in hantsjefol Griken begûn, by in hantsjefol frijmakke grifformearden yn Driezum-Wâlterswâld einigje soe?

Der giet hjir foar Jezus in wrâld iepen. Sjoch dan oer syn skouders dy wrâld yn. Sjoch dysels stean as ien fan dy minsken dy't doe noch om fierrens wienen (Han.2,39), mar dy't Jezus noch nei Him talutsen hat. Sjoch ris oer dyn eigen skouder dy wrâld yn. Sjoch dy minsken stean dy't neffens dy it maleur ha dat se net berne binne út in heit en mem dy't leauwe. Sjoch ris nei har mei de leafde dêr't Jezus nei dy sjocht. Fiel de leafde dêr't Er se allegear mei nei Him talûke sil dwers troch dy hinne

gean. Dan is der neat fanselssprekkends mear oan datsto wol by Jezus hearre meist. Dan is der neat fanselssprekkends mear oan dat oaren net by Jezus hearre meie.

Yn dit stik fan it evangeelje giet der foar Jezus in wrâld iepen. Mar der giet foar Him yn dit stik ek in ôfgrûn iepen. Johannes sil dy beide kanten letter sa ûnder wurden bringe: "Jezus Kristus de rjochtfeardige, Dy is it dy't troch syn offer ús sûnden útwisket en net allinne uzes mar ek dy fan de hiele wrâld" (1Joh.2,2). As Jezus foar it begryp krijt dat Hy se allegear nei Him talûke sil troch oan it krús te stjerren foar de sûnden fan 'e hiele wrâld, dan fleant it Him oan. Wy hearre Him sizzen: "No bin Ik tige oandien en wat sil Ik sizze? Heit, rêd My út dizze oere?"

Yn syn eangst siket Jezus hâldfêst yn 'e Psalmen. No't de tiid kaam is dat de Minskesoan ferhearlike wurde sil, komme de wurden fan Psalm 6 Him yn it sin. Doe't wy dy Psalm ek songen, kamen wy dus ticht by Jezus. De wanhoop dy't dêryn útstoart wurdt, wie syn wanhoop:

Wês my goedgeunstich, Heare, want ik ferkwyn,
meitsje my wer better, want de skrik sit my yn 'e lea;
ja myn siel is kjel wurden bûten roai.
En Jo, Heare, hoe lang noch ...?

Kom werom, Heare, rêd myn libben,
ferlos my om jo goede geunst.
Want yn 'e dea tinkt gjin minske oan Jo,
yn it deaderyk, wa sil Jo dêr priizje?

Dochs wifket Jezus en eigenje Him dy wurden ta. Mei Hy dat wol neisizze: "Kom werom, Heare, rêd myn libben, ferlos my om jo goede geunst"? Want wie Hy net kommen om syn libben priis te jaan yn 'e dea? Moast Hy Gods namme net priizje oant yn it deaderyk? Dêrom bidt Er: "Heit, lit jo hearlikheid sjen".

Doe kaam der in stim út 'e himel: "Ik haw myn hearlikheid sjen litten en Ik sil dat noch wer dwaan". God hat syn hearlikheid dus net allinnich sjen litten yn Jezus' libben, mar sil syn hearlikheid ek sjen litte yn Jezus' stjerren. Ja, mear as yn 'e wûnders dy't Jezus by syn libben dien hat, sil Gods hearlikheid skitterje yn it wûnder dat Jezus by syn stjerren dwaan sil. Ik kin it my yntinke, as jo dat wat frjemd yn 'e earen klinkt. Want as de Soan fan God deaden opwekt, fine wy dat in wûnder. Mar as de Soan fan God stjert? Of is dat stjerren in noch folle grutter wûnder, omdat it de Soan fan God is dy't stjert?

Yn alle gefallen is de krêft fan syn stjerren noch folle grutter as de krêft fan syn libben. Want by syn libben hat Er de duvel út minsken drean, mar by syn stjerren hat Er de duvel út de wrâld drean. Jezus sjocht it yn alle gefallen al foar Him: "No wurdt der in oardiel oer dizze wrâld útsprutsen; no sil de foarst fan dizze wrâld útband wurde; en as Ik omheechstutsen bin boppe dizze

ierde, sil Ik se allegearre nei My talûke". Dy wurden hearre byinoar. Mei it bloed dat fan it krús oer de wrâld streamt wurde minsken befrijd út 'e macht fan it kweade en brocht yn 'e macht fan 'e leafde. Satan ferliest terrein en Jezus wint terrein. Paulus sil it letter sa sizze: "Jimme wienen sûnder hope en sûnder God yn 'e wrâld. Mar no, yn mienskip mei Kristus Jezus, binne jimme, dy't ienris omfierrens stienen, tichteby kommen troch de dea fan Kristus. Hy is kommen en hat jimme it bliid boadskip brocht dat it frede is, frede foar jimme dy't fier fan God wienen, en foar harren dy't tichteby Him wienen. Want troch Kristus hawwe wy allebeide, Joaden en heidenen, de tagong ta de Heit yn ienselde Geast" (Ef.2,12b.13,17.18).

Oan it begjin fan dizze preek helle ik wat oan fan it webstee fan in tal evangelyske gemeenten. Op dat webstee wurdt net allinnich de fraach fan dy Griken oanhelle: "Wy wolle Jezus graach sjen", mar ek it antwurd dat Jezus op dy fraach jout: "As Ik omheechstutsen bin boppe dizze ierde, sil Ik se allegearre nei My talûke". Men hat it ferbân tusken de fraach fan dy Griken en it antwurd fan Jezus dus goed begrepen. Fierders docht bliken dat men yn dy gemeenten leaut dat Jezus har ynskeakelje wol as Hy minsken út alle folken nei Him talûkt. Dat bin ik ek folslein mei har iens. Want hoe grut Jezus' oanlûkingskrêft is moat ommers sichtber wurde by de minsken dy't al troch Him oanlutsen wurde. Mar wat makket Jezus no sa oantreklik? Neffens dy evangelyske gemeenten is in tsjerke oantreklik as der genêzingen en befrijingen plakfine en minsken har talizze op it boppenatuerlike.

Dan earst komme der by my wat fragen. Want dat lêst ik yn Johannes 12 no krekt net. Jezus lûkt se allegear nei Him ta, net troch minsken te genêzen, mar troch sels te stjerren. Jezus bruts de macht fan 'e duvel, net yn 'e synagoge fan Kafárnaüm dêr't Hy in duvel útbande (Mk.1,21.28), mar oan it krús fan Golgota, dêr't Hy mei syn offer de sûnden fan 'e hiele wrâld útwiske. Jezus lei Him net ta op it boppenatuerlike, mar op it natuerlike. Want Hy seit: "De tiid is kommen, dat de Minskesoan ferhearlike wurde sil. Wiswier, wiswier, Ik sis jimme, as de nôtkerrel net yn 'e grûn falt en stjert, bliuwt er allinne; mar as er stjert, jout er gâns frucht". Dy natuerwet jildt dus ek foar Him.

Mar net allinnich foar Him. Wa't by Him hearre wol, moat op deselde manier frucht fuortbringe. Want Jezus seit: "Dy't hinget oan syn libben, rekket it kwyt; mar dy't syn libben deroan weagje wol yn dizze wrâld, sil it behâlde foar de ivichheid. As ien My tsjinje wol, moat Er achter My oankomme en dêr't Ik bin, dêr sil myn tsjinstfeint ek wêze; as ien My tsjinje wol, myn Heit sil him earje".

Wat dat ynhâldt wurdt prachtich ferwurde yn in populêr liet dat jim faaks ek wol kenne:

Hy kaam by ús hiel gewoan,
de Soan fan God as minskesoan.

Hy wie hjir tsjinstfeint foar ús
en liet syn himelgloarje thús.

Sjoch no nei Him, de tsjinstfeint God,
en libje neffens syn gebod;
syn foarbyld ropt ús ta tsjinjen elke dei,
dat wy syn leafde trochjaan mei'.

Ik lês dat liet net foar yn in evangelyske gemeente yn Amersfoort, mar yn in frijmakke grifformearde
tsjerke yn Driezum-Wâlterswâld Harkje dêrom goed:

Wy wolle wurde as Hy;
en elkoars lêsten drage wy.
Dan is ús hert ree as troan
foar Him, de Tsjinner, Minskesoan.

Sa sille wy oantreklik wêze. De wûnders dy't yn ús fermidden barre, moatte wûnders fan nederigens
wêze. Want dat is it wûnder dêr't wy fan libje:

Sjoch nei syn fêstneile hân,
dy hân brocht al wat is ta stân;
ferjoech de hân dy't Him sloech,
Hy dy't ús skuld en sûnde droech (ELb 118, oersetting: Atze Bosch).

Lit it sa wêze dat minsken dy Jezus yn ús weromkenne. Dan sille se by ús komme mei de fraach: "Wy
wolle Jezus graach sjen".

Amen.